

---

## SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

---

- Fan : *Sicco Rypma, FNP*
- Datum fan yntsjinjen : 14 jannewaris 2021
- Oan (*kar*) :  It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
- Ûnderwerp : Ferkearsfeiligens De Himerterleane Burchwert - Wytmarsum
- Wize fan beantwurdig :  Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd :  
(as it fan tapassing is) :

Datum beantwurdig :

### Oanlieding:

Minsken ûnderfine 'De Himerterleane' - de dyk fan N359 Burchwerter hoeke rjochting Arum-Wytmarsum - as tige gefaarlik. Oanlieding fan dizze ûngerêstens is in tal ûngelokken, de gatten yn de bermen, dat der gjin dúdlike snelheid beperkende maatrigels binne, dizze 60km dyk net as sadanich ervaren wurdt, it in relatyf drokke ferbiningsdyk is, der oan de iene kant fan de dyk in grutte brede djippe feart én oan de oare kant in smelle berm is.

### Oanfoljende ynformaasje.

Op side 2 stiet in situaasjefoto en -kaart en in Foto mei in Link nei in berjocht op Omrop Fryslân.

### It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Is it kolleezje op e hichte fan it feit dat omwenjenden en oare ferkearsdielnimmers fan De Himerterleane soargen hawwe oer de ferkearsfeiligens en is it kolleezje ree om, mei in ferkearskundige, nei de situaasje te sjen / ûndersyk te dwaan nei oplossingen?
	<u>Antwurd:</u> Ja, fergelykber mei in in soad oare dyken yn de gemeente is der earder ek in melding kommen oer de situaasje op dizze dyk. En fergelykber mei oare meldingen oer ferkearssituaasjes binne ek hjir ferkearstellingen útfierd. Sjoch ûnder trije foar de fierdere beantwurdig.
2.	Stiet dizze dyk / route op de ommenaasje om opknapt en ferkearsfeiliger te meitsjen, sa ja wannear?
	<u>Antwurd:</u> <i>Nee, op koarte termyn is der gjin grut ûnderhâld pland. Der is dit jier wol oandacht foar de bermen. En sagau as de dyk oan grut ûnderhâld ta is, wurdt de dyk ek oanpast, wurk mei wurk meitsje. Yn kombinaasje mei ûnderhâld komme hjir snelheidsredusearjende maatregels en saneamde bermferhurding, dit is de fêststelde wurkwize. Foarbylden fan dizze oanpak binne bygelyks de Hemdyken.</i>
3.	Hat it kolleezje oangeande boppesteande, kontakt mei de Plysje en of oare (erfarings) deskundigen oer de ûngelokken dy't der bard binne? En is it kolleezje ree om mei harren ynformaasje ta maatrigels te kommen?

**Antwurd:**

Ja, de situaasje is besprutsen mei de plysje. Der is ien registrearre ûngelok dat koartlyn ek yn de media stie, jo ferwize hjir sels ek nei. It oangeande ûngemak is mei de plysje besprutsen. De bestjoerder sels ferklearre dat it ûngelok waard feroarsake troch syn eigen hanneljen en dêrom gjin relaasje hie mei de dyk.

Fierder binne der gjin ûngelokken bekend. In opmerking fan omwjenjenden is dat der wol ris in wein út de sleat helle is. Omdat der gjin registraasje is fan dizze foarfallen, is it ûnmooglik te bepalen of en hoe faak dit bart is. De wichtichste reden foar it gebrek oan registraasje is om't der gelokkich gjin sprake is fan skea. In oare mooglike ferklearring is dat der bewust gjin melding makke is troch de sjauffeur.

**Rie en tafoeging fraach ien:**

Yn oerlis mei de plysje is de situaasje analysearre mei ús eigen saakkundigen, diels op basis fan earder útfierde tellingen:

Relatyf rydt der net folle ferkear op de Himerterleane, mei wol in frij hege faasje. De ferklearring is dat dit lokaal bekend ferkear is. Dizze hege faasje is ek te ferklearjen troch it gebrek oan snelheidsredusearjende maatregels.

It advys fan 'e plysje en saakkundigen is dêrom de yndieling fan de dyk yn oerienstimming te bringen mei de funksje. Yn konkrete termen en te fergelykjen mei al oanpakke diken, soe dit betsjutte om de dyk te foarsjen fan snelheidsredusearjende maatregels en saneamde bermferhurding.

De fêststelde wurkwize is om wurk mei wurk te meitsjen mei wurk yn kombinaasje mei grut ûnderhâld. In soad diken binne de lêste jierren dêrom al sa oanpakt, nei folle tefredenens.

En de grutte fraach is wannear't de Himerterleane wurdt oanpast neffens de fêststelde metoade. Sjoen de gemiddelde libbensdoer fan in dyk, sil dit grif noch tsien jier duorje foardat grut ûnderhâld yn byld komt.

**Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):**

## Situaasje



<https://www.omropfryslan.nl/nijs/1019738-auto-yn-e-feart-hemert-bestjoerder-wachtet-boppe-op-auto-op-help>